

Tsiende Keatskamp Easterein grut sukses

EASTEREIN – Foarige wike freed en sneon hold de Jeugdkommisje fan KF Easterein in keatskamp foar de kabouters o/m de skoaljeugd op De Skoalleseize yn Easterein. Dit as ôfsluting fan it keatsseizoen. Dit jier yn gearwurking mei KF Wommels. Krapoan 40 bern hienen har opjûn foar dizze dagen.

Troch Anna Marie Wijnia-Kuindersma

Sneontemoarn kom ik op De Skoalleseize. Op ferskillende plakken dogge de bern yn groepkes spultjes. De jeugdkommisje wurdt holpen troch ferskillende frijwilligers. De bern binne rêstich, mar dat komt fan de koarte nacht. Bûten stean twa grutte springkessens.

Sanne Frouk Dijkstra (12) en Lotte Kuiper (10) binne al faker op keatskamp west. Freedtemiddei moast by oankomst earst alles nei it sliepplak brocht wurde. De jonges boppe yn de peuterseal, de lieding yn de grutte seal, de famkes yn de bestjoerskeamer. Sanne en Lotte keatse al fan harren 6e jier ôf. Ik freechje harren wat der no

aardich is oan keatsen.

Sanne: "Ik fyn de wedstriden leuk. In partijtysje keatse is gewoan aardich. Je hawwe alle kearen oare maten, soms ien dy't je net sa leuk fine, mar ik bliuw dan gewoan trochpraten, je moatte net stilwêze. Dit jier haw ik net ien krâns wûn. Ik train yn Easterein en in Goaingea by Keatsfan. It opslaan kin woltris sear dwaan, foaral as je de bal op de fingerseinen krije." Lotte: "Ik train allinnich thús, want de keatstraining is tagelyk mei it hynsteriden. It opslaan is dreech. Ik gean noch net fuort te keatsen, spylje allinnich yn Wommels en Easterein. Myn want is eins te lyts, de fingers sitte der krom yn, mar oare jier krij ik in nije want. Keatsen is leuk, je binne mei-inoar en lekker bûten."

Keatskamp

Der soe in keatsclinic foar de jeugd wêze, mar dy waard freedtemoarn ôfbelle. Dêrom hat de lieding de training sels oppakt. Oerdei spultjes en de jûns nachtkeatsen. Sanne: "Dat wie wol leuk, wy keatsten mei in grutte bal. Eins wat te grut foar ús hannen. Nei de mini-disco en stuolledûns mochten wy op bêd." Lotte: "Ik woe wol graach nei bêd, want dan koene wy it spultsje 'Doen-Durf-Waarheid' dwaan. As je in fraach krije moat je dy earlik beânderje. By 'Doen en Durf' betochten wy allerhanne opdrachten. De lieders kamen faak by ús, want wy praten te lûd." Om seis oere hawwe wy de lieding mei in kessengefocht wekkermakke."

Sneon wienen der noch allerhanne spultjes en, as ôfsluting pankoeften foar elkenien.



Links Lotte en rjochts Sanne Frouk